



Bestuurlijke overeenkomst Fries taalbeleid in de nieuw te vormen gemeente Noardeast-Fryslân en de gemeente Dantumadiel, Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties

De gemeenten Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland, hier vertegenwoordigd door de burgemeesters van voornoemde gemeenten, handelende ter uitvoering van de besluiten van de colleges van B&W van 23 en 30 oktober 2018;

De gemeente Dongeradeel, hier vertegenwoordigd door wethouder P. de Graaf, daartoe gevolmachtigd door de burgemeester, handelende ter uitvoering van het besluit van het college van B&W van 30 oktober 2018;

De gemeente Dantumadiel, vertegenwoordigd door de burgemeester handelende ter uitvoering van het besluit van het college van B&W van 23 oktober 2018;

De provincie Fryslân, hier vertegenwoordigd door de commissaris van de Koning, handelende ter uitvoering van het besluit van het college van gedeputeerde staten van 16 oktober 2018;

De Staat der Nederlanden, hier vertegenwoordigd door de Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties;

Hierna gezamenlijk te noemen: Partijen;

Met het oog op,

- de cultuurtaalkundige situatie in de nieuwe gemeente Noardeast-Fryslân, waarbij ongeveer 80% van de bevolking van ongeveer 45.500 inwoners de Friese taal redelijk tot zeer goed spreekt, verspreid over stadskern Dokkum en platteland;
- de ambtelijke samenwerking van de nieuwe gemeente Noardeast-Fryslân met de gemeente Dantumadiel en het taalbeleid dat de gemeente Dantumadiel met de huidige gemeenten Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland vastgesteld heeft;
- de ontwikkelingen op het gebied van meertaligheid door een toenemende internationalisering, toeristische impulsen en vraag vanuit het bedrijfsleven;
- de ondertekening en het bekrachtigen door Nederland van het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden (hierna: Europees Handvest), waarin opgenomen specifieke bepalingen aangaande nieuwe bestuurlijke indelingen (artikel 4, tweede lid en artikel 7, eerste lid, onder b);
- de meerjarige overeenkomsten tussen de Staat der Nederlanden en de provincie Fryslân, de Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur (hierna: BFTC);
- de wettelijke bepalingen betreffende het Fries zoals die neergelegd zijn in de Wet gebruik Friese taal;
- het feit dat de gemeente Dongeradeel een eigen taalbeleid heeft, evengoed als de gemeenten Dantumadiel, Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland met elkaar een eigen taalbeleid hebben, dat op diverse terreinen hetzelfde is, maar op enkele terreinen van elkaar afwijkt;
- de rol van de provincie Fryslân als 'taalschipper' aangaande het borgen van de status van de Friese taal en cultuur, het opstellen van de langetermijnagenda voor het Fries en het bewaken van de voortgang en de uitvoering;
- het feit dat de gemeenten Dongeradeel, Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland onderdeel zijn van de Wet van 11 juli 2018 tot samenvoeging van de gemeenten Dongeradeel, Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland (Staatsblad – 2018, nummer 284).

Overwegende,

- dat in de nieuw te vormen gemeente Noardeast-Fryslân de Friese cultuur en identiteit voor stad en platteland dienen te worden gekoesterd, waarvan de Friese taal een belangrijke drager is;
- dat dit ook geldt voor de gemeente Dantumadiel waar een ambtelijke samenwerking mee is en een taalbeleid met de huidige gemeenten Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland mee vastgesteld is;
- dat in de nieuw te vormen gemeente Noardeast-Fryslân en in de gemeente Dantumadiel een ambitieus en gedifferentieerd taalbeleid dient te worden gevoerd, zodanig dat er sprake is van vooruitgang op dat gebied voor de burgers.

Sprekende het volgende af:



1. In de nieuw te vormen gemeente Noardeast-Fryslân en de gemeente Dantumadiel wordt door de colleges van B&W gestreefd naar een taalbeleid in lijn met internationale verdragen en bilaterale overeenkomsten zoals het Europees Handvest en de BFTC;
2. Daarbij wordt voor de concrete uitwerking van het Europees Handvest en de BFTC gebruik gemaakt van het zogenaamde 'menusysteem'. Het gaat hierbij onder andere om inzet te plegen op een personeelsbeleid met kwaliteitseisen op het gebied van de Friese taal, meertalig onderwijs, communicatie met de burgers, zichtbaarheid van het Fries en culturele impulsen;
3. Er naar te streven dat het bestaande gebruiksniveau van de Friese taal, zoals dat in de praktijk en in het dagelijks leven tot uiting komt, er als gevolg van de gemeentelijke fusie, in algemene zin, op vooruit gaat;
4. De nieuw te vormen gemeente Noardeast-Fryslân geeft bij het college van Gedeputeerde Staten aan, hoe het taalbeleid in de nieuwe gemeente tot stand komen zal, voor de datum van 1 maart 2019. De gemeente houdt daarbij rekening met de concrete uitwerking van dit taalbeleid en het borgen ervan in de personele formatie;
5. In het kader van deze overeenkomst kan de fusiegemeente een beroep doen op steun van de provincie Fryslân. Deze steun kan beleidsmatig zijn door middel van ambtelijke inzet en advies en als dat nodig is financieel, om de positie van de Friese taal in de gemeente te verbeteren. Uitgangspunten hiervoor zijn de beleidsbrief 'Mei hert, holle en hannen' en het Deltaplan Frysk dat daar onderdeel van is. De uitvoering hiervan loopt via de regeling Mei-inoar foar it Frysk;
6. De Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties betreft de uitkomsten van dit taalbeleid in de periodieke driejaarlijkse rapportages van de Staat der Nederlanden aan de Raad van Europa in het kader van het Europees Handvest. Met een nulrapportage aan de minister is in 2018 door de ondertekenende gemeenten voor de verschillende deelterreinen vastgesteld in welke van de fuserende gemeenten sprake is van het hoogste niveau;
7. In verband met artikel 15 van het Europees Handvest maakt de fusiegemeente na de nulrapportage in 2018 een driejaarlijkse schriftelijke rapportage voor de Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties over de implementatie van het beleid voor de Friese taal;
8. Het college van B&W van de nieuw te vormen gemeente Noardeast-Fryslân brengt voor 1 februari 2020 een kort schriftelijk verslag uit over de vooruitgang van de implementatie van het gemeentelijk taalbeleid aan de eigen gemeenteraad, met een afschrift aan het college van Gedeputeerde Staten van de provincie. Het college doet verslag van hoe de uitvoering van het taalbeleid in het daaraan voorafgaande jaar vorm gekregen heeft en hoe de budgetten besteed zijn;
9. De verschillende bestuurlijke vertegenwoordigers van genoemde Partijen, waaronder begrepen de nieuwe gemeente Noardeast-Fryslân, hebben in voorkomend geval overleg over eventuele vraagstellingen die opkomen bij het uitvoeren van de in deze bestuurlijke overeenkomst geformuleerde afspraken;
10. In 2021 zal de provincie afzonderlijk met de colleges van B&W van de nieuw te vormen gemeente Noardeast-Fryslân en de gemeente Dantumadiel de afspraken voor de eerste keer evalueren. Daarbij zal expliciet worden gesproken over de inzet (inclusief financiële middelen) voor de periode na 2021;
11. Deze bestuurlijke overeenkomst kan worden beëindigd indien de partijen of hun rechtsopvolger dat met elkaar overeenkomen.
12. Deze bestuurlijke overeenkomst treedt in werking de dag na de ondertekening van deze overeenkomst.

Aldus overeengekomen in zesvoud, zowel in de Nederlandse als in de Friese taal en in zesvoud ondertekend,



Dit besluit zal in de Nederlandse en in de Friese taal in de Staatscourant gepubliceerd worden.

Leeuwarden, 30 november 2018

*Namens de gemeente Dongeradeel,
De locoburgemeester,
P. de Graaf*

*Namens de gemeente Ferwerderadiel,
De burgemeester,
W. van den Berg*

*Namens de gemeente Kollumerland en Nieuwkruisland,
De burgemeester,
B. Bilker*

*Namens de gemeente Dantumadiel,
De burgemeester,
N.L. Agricola*

*Namens de provinsje Fryslân,
De Commissaris der Koning,
A.A.M. Brok*

*Namens de Staat der Nederlanden,
De Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties,
K.H. Ollongren*



BESTJOERLIKE OERIEKOMST FRYSK TAALBELIED YN DE NIJ TE FOARMJEN GEMEENTE NOARDEAST-FRYSLÂN EN DE GEMEENTE DANTUMADIEL

De gemeenten Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland, hjir fertsjintwurdige troch de boargemasters fan niisneamde gemeenten, hanneljend ta útfiering fan de besluten fan de kolleezjes fan B&W fan 23 en 30 oktober 2018;

De gemeente Dongeradeel, hjir fertsjintwurdige troch wethâlder P. de Graaf, dêrta folmachtige troch de boargemaster, hanneljend ta útfiering fan it beslút fan it kolleezje fan B&W fan 30 oktober 2018;

De gemeente Dantumadiel, fertsjintwurdige troch de boargemaster hanneljend ta útfiering fan it beslút fan it kolleezje fan B&W fan 23 oktober 2018;

De provinsje Fryslân, hjir fertsjintwurdige troch de Kommissaris fan de Kening, hanneljend ta útfiering fan it beslút fan it kolleezje Deputearre Steaten fan 16 oktober 2018;

De Steat fan de Nederlannen, hjir fertsjintwurdige troch de Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes;

Tenei mei-inoar te neamen: Partijen;

Mei it each op,

- de kultuertaalkundige situaasje yn de nije gemeente Noardeast-Fryslân, wêrby't likernôch 80% fan de befolking fan om en de by 45.500 ynwenners de Fryske taal ridlik oant hiel goed praat, ferspraat oer stedskearn Dokkum en plattelân;
- de amtlike gearwurking fan de nije gemeente Noardeast-Fryslân mei de gemeente Dantumadiel en it taalbelied dat de gemeente Dantumadiel mei de hjoeddeistige gemeenten Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland fêststeld hat;
- de ûntjouwings op it mêd fan meartaligens troch in tanimmende ynternasionalisearing, toeristyske ympulsen en fraach út it bedriuwslibben wei;
- it ûndertekenjen en bekrêftigjen troch Nederlân fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (hjrnei: Europeesk Hânfêst), wêryn opnommen de spesifike bepalingen nije bestjoerlike yndelingen oanbelangjend (kêst 4, twadde lid en kêst 7, earste lid, ûnder b);
- de mearjierrige oerienkomsten tusken de Steat fan de Nederlannen en de provinsje Fryslân, de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (tenei: BFTK);
- de wetlike bepalingen oangeande it Frysk, lykas beskreaun yn de Wet gebrûk Fryske taal;
- it feit dat de gemeente Dongeradeel in eigen taalbelied hat, likegoed as de gemeenten Dantumadiel, Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland mei-inoar in eigen taalbelied hawwe, dat op guon mêden itselde is en op inkelde mêden fan inoar ôfwykt;
- de rol fan de provinsje Fryslân as 'taalskipper' oangeande it boargjen fan de status fan de Fryske taal en kultuer, it opstellen fan de langetermynaginda foar it Frysk en it beweitsjen fan de fuortgong en de útfiering;
- it feit dat de gemeenten Dongeradeel, Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland ûnderdiel binne fan de Wet fan 11 july 2018 ta gearfoeging fan de gemeenten Dongeradeel, Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland (Staatsblad – 2018, nûmer 284).

Oerwagende,

- dat yn de nij te foarmjen gemeente Noardeast-Fryslân de Fryske kultuer en identiteit foar stêd en plattelân koestere wurde moatte, dêr't de Fryske taal in wichtige drager fan is;
- dat dit ek jildt foar de gemeente Dantumadiel dêr't in amtlike gearwurking mei is en in taalbelied mei de hjoeddeistige gemeenten Ferwerderadiel en Kollumerland en Nieuwkruisland mei fêststeld is;
- dat yn de nij te foarmjen gemeente Noardeast-Fryslân en yn de gemeente Dantumadiel in ambisjeus en differinsjearre taalbelied fierd wurde moat, sadanich dat op dat mêd alle boargers der op foarútgeane.

Komme it folgjende oerien:

1. Yn de nij te foarmjen gemeente Noardeast-Fryslân en de gemeente Dantumadiel wurdt troch de kolleezjes fan B&W sribbe nei taalbelied dat oanslút op ynternasjonale ferdraggen en bilaterale oerienkomsten lykas it Europeesk Hânfêst en de BFTK;
2. Dêrby wurdt foar de konkrete útwurking fan it Europeesk Hânfêst en de BFTK gebrûk makke fan it saneamde 'menusysteem'. It giet dêrby ûnder oaren om yn te setten op personielsbelied mei kwaliteitseasken op it mêd fan de Fryske taal, meartalich ûnderwiis, kommunikaasje mei de boargers, sichtberens fan it Frysk en kulturele ympulsen;
3. Der nei te sribjen dat it besteande gebrûksnivo fan de Fryske taal, sa't dat yn de praktyk en yn it



- deistich libben ta utering komt, der as gefolch fan de gemeentlike fúzje, yn algemiene sin, op foarutgeane;
4. De nij te foarmjen gemeente Noardeast-Fryslân jout by it kolleezje fan Deputearre Steaten oan, hoe't it taalbelied yn de nije gemeente ta stân komme sil, foar de datum fan 1 maart 2019. De gemeente hâldt dêrby rekken mei de konkrete útwurking fan dit taalbelied en it boargjen dêrfan yn de personele formaasje;
 5. Yn it ramt fan dizze oerienkomst kin de fúzjegemeente in berop dwaan op stipe fan de provinsje Fryslân. Dizze stipe kin beliedsmjittich wêze troch amtlike ynset en as dat nedich is finansjeel, om de posysje fan de Fryske taal yn de gemeente te ferbetterjen. Utgongspunten hjirfoar binne de beliedsbrieff 'Mei hert, holle en hannen' en it Deltaplan Frysk dat dêr ûnderdiel fan is. De útfiering hjirfan rint fia de regeling Mei-inoar foar it Frysk;
 6. De Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes belûkt de útkomsten fan dit taalbelied yn de periodike trijejierrige rapportaazjes fan de Steat fan de Nederlannen oan de Rie fan Europa yn it ramt fan it Europeesk Hânfêst. Mei in nulrapportaazje oan de Minister is yn 2018 troch de ûnderteknjende gemeenten foar de ûnderskate dielterreinen fêststeld yn hokker fan de fusearjende gemeenten sprake is fan it heechste nivo;
 7. Yn ferbân mei kêst 15 fan it Europeesk Hânfêst stelt de fúzjegemeente nei de nulrapportaazje yn 2018 in trijejierrige skriftlike rapportaazje op foar it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes oer de ymplemintaasje fan it belied foar de Fryske taal;
 8. It kolleezje fan B&W fan de nij te foarmjen gemeente Noardeast-Fryslân bringt foar 1 febrewaris 2020 in koart skriftlik ferslach út oer de foarútgong fan de ymplemintaasje fan it gemeentlik taalbelied oan harren gemeenteried, mei in ôfskrift oan it kolleezje fan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân. It kolleezje docht ferslach fan hoe't de útfiering fan it taalbelied yn it dêroan foarôfgeande jier stal krigen hat en hoe't de budzjetten bestege binne;
 9. De ûnderskate bestjoerlike fertsjintwurdigers fan neamde Partijen, dêrûnder begrepen de nij te foarmjen gemeente Noardeast-Fryslân, hawwe yn foarkommend gefal oerlis oer eventuele fraachstellings dy't opkomme by it útfieren fan de yn dizze oerienkomst formulearre ôfspraken;
 10. Yn 2021 sil de provinsje ôfsûnderlik mei de kolleezjes fan B&W fan de de nij te foarmjen gemeente Noardeast-Fryslân en de gemeente Dantumadiel de ôfspraken foar de earste kear hifkje. Dêrby sil útdruklik praat wurde oer de ynset (finansjele middels dêryn begrepen) foar de perioade nei 2021.
 11. Dizze bestjoerlike oerienkomst kin beëinige wurde as de partijen of harren rjochtsopfolger, dat mei-inoar akkoartsje.
 12. Dizze bestjoerlike oerienkomst wurdt fan krêft de dei nei de ûndertekening fan dizze oerienkomst.

Sa is oerienkommen yn seisfâld, yn de Nederlânske likegoed as yn de Fryske taal en yn seisfâld ûndertekene,

Dit beslút sil yn de Nederlânske en yn de Fryske taal yn de Staatscourant publisearre wurde.

Ljouwert, 30 novimber 2018

*Ut namme fan de gemeente Dongeradeel,
De lokoboargemaster,
P. de Graaf*

*Ut namme fan de gemeente Ferwerderadiel,
De boargemaster,
W. van den Berg*

*Ut namme fan de gemeente Kollumerland en Nieuwkruisland,
De boargemaster,
B. Bilker*

*Ut namme fan de gemeente Dantumadiel,
De boargemaster,
N.L. Agricola*

*Ut namme fan de provinsje Fryslân,
De Kommissaris fan de Kening,
A.A.M. Brok*

*Ut namme fan de Steat fan de Nederlannen,
De Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,
K.H. Ollongren*